



IN ROOK FAN KAMPERFOELJE

(A SCENT OF HONEYSUCKLE)

lenakter

fan

JEAN LENOX TODDIE

Fryske oersetting

GURBE DIJKSTRA

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

Warskôging:

Alle amateurferienings dy 't it stik: **IN ROOK FAN KAMPERFOELJE, A SCENT OF HONEYSUCKLE**, opfiere sille, moatte yn alle programmaboekjes, posters, advertinsjes en eventuele oare publikaasjes de folsleine namme fan de oarspronklike auteur: **JEAN LENOX TODDIE** neame. De namme fan de auteur moat stean op in aparte rigel, dêr't gjin oare namme brûkt wurdt. Direkt dêr achteroan de titel fan it stik, folge troch in rigel mei de oarspronklike titel. De namme fan de auteur mei net minder grut wêze as 50% fan de lettergrutte fan de titel. Ek moat fermeld wurde dat de opfiering jûn wurdt mei spesjale tastimming fan I.B.V.A. "HOLLAND" B.V. te Alkmaar.

Ek moat de namme fan de oersetter, **Gurbe Dijkstra**, dúdlik neamd wurde.

Copyright: 1983 by Jean Lenox Toddie.

Copyright Frisian translation: 2007 by Jean Lenox Toddie

Nu ook op internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch middel fan printsjen, fotokopy, byldbân, fideobân, of op welke oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan it I.B.V.A. "HOLLAND" B.V. te Alkmaar, welk buro út namme fan de útjouwer hannelt.

OPVOERINGSVOORWAARDEN

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het

Auteursrechtenbureau I.B.V.A. "HOLLAND" B.V. - Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl - Email: info@ibva.nl

Frieslandbank rekeningnummer: 29.93.07.069

Om in het bezit te komen van deze vergunning dient u zich aan de volgende voorwaarden te houden:

- a. de aankoop van minimaal **3** tekstboekjes bij de uitgever;
alsmede
- b. betaling van een bedrag aan auteursrechten aan bovengenoemd bureau.

Let wel!

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de schrijver van het toneelwerk, van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Hoe moet een vergunning voor opvoering worden aangevraagd?

- U zendt de aanvraagkaart/tevens bewijs van aankoop, u bij de leverantie verstrekt - ingevuld met de nodige gegevens - in aan bovengenoemd bureau.

- U ontvangt daarop bericht welk bedrag aan auteursrechten moet worden betaald. Na uw betaling wordt u de vereiste opvoeringvergunning toegestuurd.

Denkt u erom dat u de betaling op tijd doet, zodat u op de dag van opvoering in het bezit bent van de vereiste vergunning.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

- Schriftelijk of telefonisch aan te vragen bij bovengenoemd bureau.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen twee weken voorafgaand aan de voorstelling. (zie ook de website)

Voor BELGIË wende men zich **ALLEEN** tot Toneelfonds JANSSENS
afd. Auteursrechten, E-mail: rechten@toneelfonds.be.

Telefoon (03)3.66.44.00. Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid rechten van u te claimen, noch te innen.

PERSOANEN:

JESSIE, 75 jier.

SUSAN, har mem. (yn oantinken)

KATE, har dochter, 45 jier.

DEKOR:

Der stiet in âlde skommelstoel mei in tafel der neist yn in striel fan gouden ljocht. Op de tafel leit alderhande guod, sa as in foto-album en in âld teeblik. Neist de tafel stiet in grutte kartonnen doaze. Foar it oare is it toaniel leech.

(At it spul begjint, sit Jessie yn de skommelstoel en widzet stadich hinne en wer. Se hat de eagen ticht en by har fuotten stiet in koffer. Se hat in kastanjebrune rôk oan, in smetleas wyt bloeske en in útrekt kastanjebrún fest. It is in âlde frou fol mei moed, mei in rêch sa rjocht as in biezemstôk)

KATE: *(komt fan rjochts op) Mem? (rint nei it part dat ferljochte is. It is in freonlike frou fan 45 jier. Se hat in kastanjebrune broek oan, in wyt bloeske en se hat in tas by har)*

JESSIE: Ik sit hjir.

KATE: Binne jo der klear foar? *(sjocht de koffer) Moai. (pakt de koffer) It is in moaie dei om in eintsje te riden. Ik sjou jo koffer wol.*

JESSIE: *(sûnder de eagen iepen te dwaan) Ik gean net.*

KATE: Kom op, mem...

JESSIE: Ik bliuw hjir.

KATE: Mem...

JESSIE: Nee.

KATE: Doch net sa healwiis.

JESSIE: Ik gean net.

KATE: Toe, mem,... *(set de koffer del en leit de tas op de tafel) Ha jo sin oan tee? In lekkere hjitte kop tee?*

JESSIE: Ik ha al tee hân.

KATE: No, ik noch net, dus ik set de tsjettel op. Wêr binne de teepûdsjes?

JESSIE: Wêr't se altyd binne.

KATE: *(pakt it âlde teeblik) Yn dit âlde ding? (docht it blik iepen) Dit ding is hielendal rustich fan binnen... (rint út it ljocht wei nei rjochts) Jo kinne josels wol fergiftigje mei al dy rust, at je dit noch langer brûke. It is mar goed dat je der fan ôf binne. (Kate is no yn it part wêr't de tinkbyldige keuken is, se set sabeare in tsjettel mei wetter op it fjoer om in kop tee te meitsjen)*

JESSIE: Ik bin der net fan ôf, ik gean net.

KATE: Hoe âld is dit ding eins?

JESSIE: Hoe kin ik no witte hoe âld at dat ding is? Ik wit net iens hoe

âld at ik sels bin.

KATE: Fiif en santich.

JESSIE: (*finnich*) Tanke.

KATE: Te âld om allinne te wenjen.

JESSIE: Ik bin net allinne, ik ha myn oantinkens.

KATE: Ik ha it net oer oantinkens, ik ha it oer buorlju, minsken dy't oerdeis delkomme.

JESSIE: At ik ferlet fan minsken ha, riid ik wol nei it doarp.

KATE: Jo kinne net iens mear ride.

JESSIE: Wêrom net?

KATE: Se ha jo rydbewiis ynnommen.

JESSIE: Wêrom soene se myn rydbewiis ynnimme?

KATE: (*komt wer op it part dat ferljochte is*) Sjogge jo no wol, jo binne it alwer fergetten! (*jout har mem sabeare in kop tee*) Se ha jo rydbewiis ynnommen doe't jo it stek fan menear Simpson omriden hawwe.

JESSIE: (*nimt it kopke oan*) Stuart Simpson is in domkop. Hy is te âld om in stek del te setten.

KATE: En jo binne te âld om it om te riden. Drink jo tee op.

JESSIE: (*nipt oan de tee*) Te slop.

KATE: Drink it doch mar op, want ik wol daliks fuort.

JESSIE: Ik bliuw hjir.

KATE: Kinne jo my dan faaks sizze hoe't jo je hjir rêde sille? Jo ferjitte de helte fan tiid om je rekkens te beteljen.

JESSIE: Ik betelje myn rekkens altyd op 'e tiid.

KATE: Soms ferjitte jo om se te beteljen en dan ferjitte jo, dat je it fergetten binne.

JESSIE: (*skommelt koppich, hâldt op mei skommeljen, in pauze en dan seit se sacht*) Ik bin yn dit hûs geboaren.

KATE: (*tear*) Dat wit ik, mem.

JESSIE: Ik ha hjir myn hiele libben wenne.

KATE: (*leit de hân op de skouder fan Jessie*) Wit ik.

JESSIE: (*pakt de hân fêst*) Do bist in leaf fanke, Kate.

KATE: Ik bin gjin fanke mear, mem. Ik bin fiif en fjirtich, ik ha jicht yn de hannen en ik kin nachts net op dit skouder lizze omdat it sear docht. Ik wit ek net wêrom, mar it docht sear. Ik bin gjin lytsfanke mear en ik kin net elke dei 125 kilometer ride om te sjen oft it goed giet mei jo.

JESSIE: Dat is ek nergens goed foar.

KATE: Dat is it wol. Ik meitsje my soargen oer jo en ik wol dat jo by ús komme.

JESSIE: Ik bin in lêst.

KATE: Dat wit ik.

JESSIE: Twa froulju yn ien hûs...

KATE: Is ien tefolle.

JESSIE: Ik mien it, Katheryn.

KATE: Ik ek. Jo gean mei my mei nei hûs. Ik doch dit guod yn in doaze en dan gean we. *(pakt it foto-album)* Jo fûnen it altyd hearlik om yn dit album te sjen...

JESSIE: Noch altyd.

KATE: *(docht it album iepen)* Ald.

JESSIE: Lykas ik.

KATE: *(hellet der in losse foto út en sjocht der nei)* Beppe? *(lit de foto oan Jessie sjen, dy knikt)* Se sjocht der jong út.

JESSIE: Se kaam hjir as breid. Se wie moai, mar se hie... *(Susan komt fan links op en rint nei it ferljochte part)*

SUSAN: Bakkersskonken. (= X-benen)

KATE: Wat hie se?

JESSIE: Se seit dat se bakkersskonken hie. *(Susan is de mem dy't Jessie har heucht. Kate is har net bewust fan har oanwêzigens en heart har dus ek net praten. Susan bestiet allinne yn de oantinkens fan Jessie. At Susan praat is Kate dwaande om it guod yn de doaze te pakken. Se stiet mei de rêch nei Susan ta)*

KATE: Troch dy lange rok falt dat hielendal net op.

JESSIE: Do hoechst dat guod net yn te pakken. Ik bliuw hjir.

KATE: *(docht as heart se it net en giet fierder mei ynpakken)* It wurdt gesellich... jo sille it leuk fine... jo ha ien om mei te praten.

JESSIE: Ik praat mei mysels.

KATE: Dêr meitsje ik my no krekt soargen oer.

JESSIE: In âlde grize lêst dy't dyn libben kompleet makket.

SUSAN: *(skoddet de holle)* Ik kin der net oer út, sok griis hier!

KATE: Wêrom soene jo in lêst wêze?

JESSIE: *(tsjin Susan)* Ik bin op 't lêst 75!

KATE: *(giet der fan út dat dy opmerking foar har bedoeld wie)* Jo binne 75, mar wat makket dat no út?

SUSAN: Ik ha noch gjin grize hier op 'e holle.

JESSIE: Do bist 49!

KATE: *(ferbettert har)* Ik bin 45, mem. Ik bin 45 jier en myn geduld rekket op.

JESSIE: Ik gean net mei.

KATE: Mem, it hûs sakket om jo hinne ynelkoar! De keuzen binne ferrotte en sjoch es nei de souder. Oer in pear jier is it net mear te bewenjen.

JESSIE: It is wat snústerich, mar dat jout doch neat?

KATE: O, mem... *(giet fierder mei ynpakken)*

SUSAN: Do bist snústerich geboaren, dochter. Sels al sietst heech yn de bernestoel, wist noch alles wat yn dyn berik wie te besmodskjen. Dêr waard jim heit altyd sa liik om. Op 't lêst sette ik dy yn de goatstien te iten. Ik joech dy te iten yn de goatstien. En atst klear wiest, dan spiede ik dy skjin ûnder de kraan. *(se laket, Jessie laket mei. Susan hat in lange kastanjebrune rôk oan dy't oant op de grûn hinget en in âlderwetsk wyt bloeske, se rint nei Kate en sjocht oer har skouder)*

KATE: Wat falt der te laitsjen?

JESSIE: O, jim beppe sei wat.

KATE: Jo kinne net mei oantinkens libje.

JESSIE: Och, der is minder selskip.

KATE: En better.

SUSAN: Dat wit ik sa krekt noch net.

KATE: Beppe is fyftich jier lyn ferstoarn. At ik jo praten hear, liket it wol at jo tinke dat se yn de keuken stiet.

JESSIE: Soms liket it wol oft dat sa is. By de keuken oan de rivier

om in krûdbeamke te plantsjen by it opstapke.

KATE: (*giet fierder mei ynpakken*) Wylst se in falsk ferske song.

SUSAN: Hoesa 'falsk song'?

JESSIE: (*tsjin Susan*) Do koest noait toan hâlde.

KATE: (*tinkt dat dy opmerking foar har bedoeld is*) Ik lykje in protte op beppe.

SUSAN: Nee hear. Se is fierste bazich. Se liket op heit.

JESSIE: Do bist hjir de baas yn 'e hûs.

KATE: Ik?

SUSAN: Laarje!

JESSIE: (*tsjin Susan*) Ja, do.

KATE: (*komt oerein*) Tsja, ien moat de lieding ha.

JESSIE: Heit meilûke oan de noas.

SUSAN: Unsin!

KATE: Wa?

JESSIE: (*tsjin Kate*) Jim pake.

KATE: (*giet nei har mem*) Mem, pake is stoarn.

JESSIE: Stoarn?

KATE: (*giet op knibbels by de skommelstoel en pakt har mem by de hân*) Ja, tritich jier ferlyn.

JESSIE: (*is even stil, se besiket foar Kate it ferline en it hjoed útelkoar te hâlden. Foar har is der gjin ferskil. Se streaket de hân fan Kate en fersekert har dat der neat oan de hân is*) Dat wit ik wol, dat wit ik. Mar soms is it krekt as is hy der noch, dan swait er my heech troch de loft, hâldt er my stevich beet en ik kin de pipermuntrook fan syn azem rûke.

SUSAN: Jim heit hold fan pipermunttee.

KATE: Jo reitsje yn de war trochdat jo hjir allinne wenje. It is te iensum. (*giet fierder mei ynpakken*)

SUSAN: (*pakt guod út de doaze om it te besjen, dat Kate der krekt ynstoppe hat*) Yn in âld hûs bin je noait iensum.

KATE: Jo ferjitte de rekkens te beteljen...

SUSAN: In âld hûs hat in siel.

KATE: Ferjitte watfoar dei it is...

SUSAN: De siel fan de minsken dy't der yn libbe ha.

KATE: Jo ferjitte sels dat je heit stoarn is.

SUSAN: De froulju dy't de wask diene, dy't skrobben en de tún byholden.

KATE: *(keart har nei Jessie dy't sachtsjes skommelt mei de eagen ticht)* De tiid is kommen om jo mei nei hûs te nimmen.

JESSIE: *(mei de eagen ticht)* Ik bin thús.

SUSAN: Elk wêzen op ierde hat syn eigen stikje grûn noadich.

JESSIE: *(herhellet sacht)* Elk wêzen op ierde hat syn eigen stikje grûn noadich.

SUSAN: De jongerein begrypt dat net, se ferhúzje sûnder muoite nei in oar plak. Skuorre ús woartels los en wy ferdroegje.

KATE: It hûs sacket om jo hinne ynelkoar!

JESSIE: *(koppich)* Hjir hear ik thús.

KATE: Yn dit âlde lege hok?

JESSIE: It sit grôtfol.

KATE: Mei oantinkens...


JESSIE: Foar my realistysk genôch.

KATE: Dat is spookachtich!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto